

KRYPTOGRAM 216A

Horizontaal:

1 Dy jout sicht op it wurk fan in spin (6);
 5 Dan witte jo jo miening foar je te hâlden
 (6); 8 Byld dat net by de popkultuer heart
 (5); 9 Us poes waard al troch de Grykse
 fabeldichter beskreaun (6); 10 Skilderij
 dêr 't neat oan is (6); 11 Droege wynpûde
 (3); 12 It efterfolgjen kontrolearje (7); 13
 East-Europeaan yn it westen (3); 14
 Pornoblêdsje? (11); 17 Seksshop (6); 18
 Dy giet as gauste troch it lint (6); 19
 Lisplak foar bakkers (5); 21 Stof dy't
 besibbe is oan kant (4); 23 Alwer snie (4);
 25 Wol ferliedlik foar wa 't mei de hannen
 yn it hier sit (9); 28 Hja giet hinne en
 werom nei Saksen, Hannover en
 Paulowna (4); 29 It gedachtegoed fan
 motorbindes (4); 30 Briefgeheim (9); 31
 Jild barre út Aazje (4); 32 Bestjoersappa-
 raat yn Limburch (4).

Fertikaal

1 Gjin leugeners (11); 2 Foar de
 aardichheid wurde se bûten setten (7); 3
 Roomske tsjinstswolm dy 't neat opsmyt
 (10); 4 Krijt hy lof te iten? (8);
 5 Bekeuring foar klaverjassen en toepen?



(10); 6 Trokken him gûlderich werom
 (7); 7 Hja beneame oerdreaun (11); 15
 Yn it koarte berjochtsje wie de keaplatte
 kreas oprêden (9); 16 Hy kin net
 rekkenje, mar wol prate (9); 20 In
 slachje der op út (6); 22 Yndividuele
 nûmers (5); 24 Beneidiele mei nille en
 trie (5); 26 Iten heart yn in meubel (4);
 27 Utgongspunt dêr 't moed foar nedich
 is (4).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de
 hokjes: 1 - 31 - 6 - 19 in Fryske
 plaknamme.

Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder
 fermelding fan Kryptogram 216a. Of skriu
 dy namme op in brievekaart en stjoer dy
 oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus
 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de
 adreskant: Kryptogram 216a.

De oplossing moat op syn lêst tongers-
 deitemoarn **26 oktober** by ús wêze. Under
 de ynstjoerders fan de goede oplossing
 wurdt in boekebon ferlotte.

BOEKENBON t.w.v. €25,-



Kryptogram 215a:

Plaknamme:

BALLUM

Winner Boekebon:

Betty Jaasma, Drachten

LEEUWARDER COURANT

14-10-2023